

Samle Fersen en
Oersettings
fan
Klaas Bruinsma

Kolofon

ISBN: 978 94 6365 088 5

1e printing 2018

©2018, Klaas Bruinsma

Utjouwerij Elikser

Ossekop 4

8911 LE Ljouwert

Til: 058 - 289 48 57

www.elikser.nl

Foarmjouwing binnenwurk en omslach: Evelien Veenstra

Dizze útjefte waard mei mooglik makke troch de provinsje Fryslân

provinsje fryslân
provincie fryslân 

Neat út dizze útjefte mei fermannichfâldige wurde, opslein yn automatisearre gegevensbestannen en/of iepenbier makke troch middel fan print, fotokopy, mikrofilm of op hokfoar oare wize ek, sûnder foarôfgeande skriftlike tastimming fan de oersetter en de útjouster.

This book may not be reproduced by print, photoprint, microfilm or any other means, without written permission from the author and the publisher.

Samle Fersen
en Oersettings
fan
Klaas Bruinsma

Ynhâld

EIGEN WURK	9
Op 'e tsjerke fan Krewerd	11
Het pad der martelaren	13
Op 'e tsjerke fan Godlinze	15
Op 'e tsjerke fan Seeryp	17
Op 'e tsjerke fan Garmerwolde	19
Yn it hûs fan it Nije Ljocht	21
Agnus Dei, it Laam fan God	23
Trije Ridders yn Tsjerke	25
Yn goede haven te-lâne	27
Op de lange Anna fan Helgolân	29
Oarsprong	31
Liet foar it Friezenfeest mei de Noardfriezen	33
It Fizioen fan de Ferlosten	35
Sursum Corda - Omhoog de harten!	37
Op 'e tsjerke fan Hollum, it Amelân	39
Utsjoch	41
De Pearelfisker	43
Oan de neitins fan de sillige Titus Brandsma	45
Epulae Classicae	47
Presint	49
Lyra Davidica	51
Wjerklank	53
Ichtus	55
Ichtus	57
Feart	59
Op it paramint mei de do fan de Hillige Geast	61
Op 'e Fryske Folkshegeskoalle Schylgerlân	63
Perspektyf	65
Leermens	67
It hôf fan De Jager	69
Ars Creat Gaudium	71
De Goede Geast	73
Fan Fûnemint oant Firmamint	75
Op 'e Sint Nikolaastsjerke fan Blije	77

Portret fan Beetstersweach	79
Op de kerk van Diever	81
Op 'e tsjerke fan Noardwâlde	83
Kaddisj op it Joadske tsjerkhôf fan Noardwâlde	85
't Leauwe jout krêft en moed	87
Oade oan Zutphen	89
Papillon, Flinter fan Gabriël Fauré	91
Gratia Scholae Cantorum	93
Boersk 1	95
Boersk 2	95
3. Op 'e tsjerke fan Doanjum	95
4. Sikke syn kardinaal geheim (top-secret)	95
5. Op Wytse Foppes Dongjuma (1707 - 1778)	96
Op it presint foar myn freon Jan Veltman	97
Gjin Gemaal!	99
Tinzen op 'e terp fan Ezinge	101
Donum Domino Optimi Stili	103
In lytse Obiade	105
De Wûnderdokter fan de Bloedtransfusy	107
The Miracle Worker Thraumatourgos	109
Hic donor largus munerum est tutor bonus artium	111
Vox Terrae et Vox Dei	113
OERSETTINGS	115
De Epilooch fan Widsith, de skald (v. 135-144)	117
It twadde lânrjocht: de tredde need	119
It heiteleaze bern	121
De tredde need fen it twade lânrjocht	123
De neveltsjustere nacht	125
De hoede fan Fryslân	127
Ut 'e spreuke-samling fan it <i>Exeter hânskrift</i>	129
Farwol myn skat	131
O Roma Nobilis	133
O Rome, nommle stêd	135
De Stiennen Sprekke	137
De Stenen Spreken	139
The Stones Still Speak	141

Hic Lapides Loquuntur	143
De Magnus Sêge	145
Ludgerus Liet	147
Sanctus Ludgerus - Oratio	149
Oratio	149
Ein fan it Libben fan Freark fan Hallum	151
Bang bin ik om myn sûnden	153
By 't opgean fan de sinne	155
Welkom, 's werelds hoogste licht	157
Heil, du Freude aller Welt	159
Welcome, all the world's delight	161
Lever du Soleil	163
Sub solis ortu	165
Moarnsliet	167
Morgenlied	169
Nacht-Rest-Bejerte aef Juwn-bede	171
Nachtrêst-begearte of Jûnbea	173
Gysbert Japiks syn Nachtrêst-begearte of Jûnbea	175
Gisberti Iacobi Nocturnae Requitis Votum	177
De Jûnbea fan Ambrosius	179
De Jûnbea fan Ambrosius	181

EIGEN WURK

Op 'e tsjerke fan Krewerd¹

O Krewerd, dochter fan de mem-abdij,
it Blomhûf fan d' abdij fan Witewierum,
hast noch 't doksaal út Roomske tiid behâlden.
Dyn klok is dy ûntstellen troch barbaren,
mar klearder klinke stimmen fan de freonen
oer 't griene lân ringsom it Nijekleaster.
It tuitedak oer dyn bakstiennen hûd
is myld beskûl yn 't gea fan Ripperda.
Tsjerke fan Krewerd, bist in goed ûntwyk
foar mêde sielen fan it sljochte folk.

¹ Krewerd: kraai(en)terp

Het pad der martelaren

Een vrachtwagenchauffeur bij Krewerd
heeft ons een gedwongen processie geleverd.
Maar het koolzaad rook fijn
en de kerk was een schrijn
en heeft ogentroost ons geleverd.

Op 'e tsjerke fan Godlinze

Christus Pantokrator

Godlinze, in tapyt bist fan de skiednis
ûnder it patronaat fan Sint Pancratius.
Dyn Godshûs toant ús Kristus Albehearsker
en ek Syn mem op in ferheven troan.
Hast Spaansk' en Dútske tiranny trochstien
en ek de need fan de Sint Martensfloed.
God leavet dy op 't stee fan Godlefs bern.

Do bliuwst mij bij as Bruno Santanera
sa wier as marmer Tiids tosk lang trotsearret.

Op 'e tsjerke fan Seeryp²

Yn dit kontrei bylâns de wrede see
stiesto as beaken foar 't skipsfolk op see,
dyn tsjerke is tawijd oan Sint Jakobus,
troch de tiran Herodes wreed ûntholle.
Yn Santiago de Compostella rêst
syn biente by de pylgersstêf en skulpen.
Hoe prielt it oargel mei de stjerren, dy't sweve.
Ut 'e seegriene boarne brûze koralen
en yn 't ferwulf sjongt bliid in nachtegaal.
O machtge katedraal fol swide pracht,
do bist prelude ta muzyk fan ingels.
D' asega's dy't it ljocht fan God ûntfongen,
ha yn dyn hert it suver ljocht ûntstutsen.

² ryp of reep: râne, stripe

Op 'e tsjerke fan Garmerwolde (Germarwald)

Boppe de preekstoel ha de spyllju wille,
sadat fan har muzyk myn herte trille.
D' evangelisten binne restaurearre,
nei't byldestoarmers harren ruïnearren.
De macht fan Kristus en syn majesteit
binn' hjir ferstienne yn fergonklikheid.
Hoe ienlik stiet dyn mânske klokketoer
hjir as in breugeman los fan syn breid.
Dochs binn' jim ynlik oan elkoar ferbûn.
As monuminten fan it hechte leauwe
stean jim as wachters yn it Grinzer lân.

